

Tholly Jellema

Talke of Tholly Jellema-Rinzema waard berne midden yn de krisisjierren, op 6 jannewaris 1931 yn in lyts arkje oan de Lange Jammer. Hjoed-de-dei hiet it hjir de Jochem Nijenhússtrjitte. Tholly wie it tredde en jongste bern fan Jan Rinzema en Wytske van der Wal. Sy hie noch twa âldere bruorren: Lourens en Jelle. Yn har beukerjierren hie Tholly in soart lêst fan brongitis, har mem joech har doe as resept jenever mei sjerp, in probaat middel neffens har mem. Sy sierde earst de jenever om de alkohol der út te krijen.

Tholly har mem sei: "Tink der om, dokter Schoustra mei dit net witte hear". Tholly is mei troch har sykte ek net op de bewaarskoalle by juffer Akke west. Har heit wie boere-arbeider en is letter noch portier west by Halbertsma, tegearre mei Koelhuis. Spitigernôch mocht hy net âld wurde. Hy hie in soad lêst fan de mage.

Mei dat har heit stoar, moast der wol jild op it kleed komme en sa waard har mem bolkoerrinster by bakker Rintsje Bouma en die sy skinmakerswurk, wêr't sy mar noadich wie. Letter waard sy fêste krêft yn de húshâlding fan baas Hidde Halbertsma, yn de Filla. Dêr hie sy in bêst plak.

Tholly gong nei de legere skoalle nei de MULO. Kaam dêrnei yn 1948 by Halbertsma op kantoar by Juffer Büch, op de fakturear-ôfdieling. Har kollega's wiene û.o.: Griet Stellingwerf, Mattie Woudstra, Leentje Feenstra, Aaltsje van der Heide, Geartsje Hazenberg, Japke Bergsma, Dytie de Vries, Tine Piek en Lutske de Jong.



Yn 1955 troude Tholly mei Ype Jellema, soan fan slachter Gerrit Jellema út de Lytse Buorren. De Jellema's kamen earder fan Arum.

Ype Jellema moast yn de jierren 1948/1949 foar syn nûmer oardel jier as marinier nei Yndië. Hy hat dêr meidien oan de polisjonele akjes yn de 'Gordel fan Smaragd'. Der moasten doe mear Grousters hinne: Jan v.d. Brink, Hendrik Pyl, Wouter Pietersma, Sake Brouwer, Minze Tjeerdsma, allegear by it Fryske Bataljon. Letter ek noch Germ Jonker, de beide neven Doeke Roodbergen, Wouter Stenekes, Jelle Rinzema, Ate Keidel, Albert Wester, Anne de Jong en Gerrit Boorsma.

Nei de thúskomst wie it net de bêste tiid, omdat der fan de oerheid út gjin sprake wie fan in waarme ûntfangst en dêrnei moasten jo je sels mar rêde. Jo waarden ek net opfongen yn dy tiid. De Grouster befolking tocht lykwols wol goed om Ype's thúskomen, de Lytse Buorren wie doe moai fersierd en mei in earebôge as 'Wolkom thús'.

Ype waard yn dy Jierren earst help by molkboer Schiere, letter kaam hy yn de Végéwinkel oan de Parallelstrjitte, tjinoer garaazje Beetstra. En letter yn de winkel wat no Studio S hjit. Tholly learde doe ek noch foar it dilpoma foar it "Midden- en Klein Bedrijf".

Ype en Tholly kochten dêrnei de Kooperaasjewinkel, op 'e hoeke fan de Drachtsterwei en de Twadde Easterfjildstrjitte. Wurk dat beide mei in soart wille jierrenlang dien hawwe. Hoewol der ek oan dit soart wurk in oare kant sitte kin. Sy ha dêr ek mei te meitsjen hân. Lyk as dat part fan de klanten dy't op 'e "pof" libben, of somtiden kaam der ek stellery foar.

Ype mocht spitigernôch net âld wurde, hy stoar al doe't er 68 jier wie oan sloktermkanker. Ype mocht thús graach iten klearmeitsje. "Hy hie eins butler wurde moatten, dat hie krekt wat foar him west".

Ype en Tholly krigen 3 bern, dochter Wytske en 2 jonges: Gerrit en Jan. Trochdat Tholly har mem doetiids by de famylje Halbertsma wurke, kaam Tholly mei de festiviteiten fan Simmer 2000 ek wer yn de kunde mei dochter Kerstie Halbertsma. Sy wie de jongste fan de 5 bern fan Hidde Halbertsma. Fanút dizze freonskip fan eartiids noege Kerstie har út om 4 wiken nei Kaapstad te kommen. Dit wie in pracht ûnderfining foar Tholly. Dizze besite waard werhelle yn 2003, doe û.o. mei in besite oan it Paul Krugerpark en de Sinneblom-rûte. Ek yn de jierren 2004, 2005 en 2006 waard Tholly útnoege. Tholly makket folle faker gebrûk fan de fleanmasine, omdat har dochter Wytske yn Skotlân wennet, tichte by Aberdeen.

Tholly is in echte Grouster. Sy sjocht altyd mei in soad nocht en wille út nei de jûnen fan Stifting Grou en it Sint Piterfeest.

Tholly is in grutske frou fan (yntusken) 86 jier, mei it echte Grouster D.N.A.